

Ut it Boek "Easterein" 1995. F.K. Reitsma beskriuwt de skiednis fan it gea en de pleatsen om Reahús hinne. Reahús foel eartiids ûnder Easterein. Meardere pleatsen wiene en binne noch yn eigendom fan de Eastereinder tsjerke.

Pleatsen

Folkert K. Reitsma

De S(t)ates en de lannen


Noch steane hja bepalend oan 'e kimen: de pleatsen.

- dy fan it kop, hals en romptype - mei fariaasjes.
- de lettere stjelfhuzinge: wenhûs en bedriuw ûnder ien kap.
- en dêrom hinne de jisters, de finnen en de mieden: it lân.

Pleats en lân foarmen in bedriuwsiensheid. En yn dy iensheid in hert: de pleats mei hiem; it hoarnleger dat iuwenlang fundearring fan it maatskiplike en tsjerklike libben wie. Oars sein, dy ienheden wiene stimdragend; dêrop lei it stimrjocht - yn tsjerklike en wrâldske saken (hjoeddei komt it in natuerlik persoan ta.)

Under de klokslach

De bedriuwsiensheden foarmen meiinoar it doarp, de parochy. Hja foelen ûnder de 'klokslach' fan de geatsjerke. De 'Tegenwoordige Staat van alle volkeren' (44 dln 1729-1803, wêrby Fryslân yn de dielen 23-26 behannele is (1785-1788)), jout op, dat der ûnder Easterein twaenfyftich fan sokke bedriuwsiensheden bestiene.



Easterein en omkrite ± 300 jier ferlyn.

It doarpsgebiet yn parten

Easterein waard ienris opsplittst yn twa helten: de noardwestlike helte en de súdeastlike helte, skieden troch de Itenser- en de Kleasterfeart. Dy twa helten waarden elk ek wer opsplittst yn twa helten, kertieren: a. it Meilahúster en it Sânleanster kertier foarmen de jongste en de ûnderbrutsen bewenningshelte fan it doarp. b. it Wynserkertier (binnen de hoep) en it Yeskwerter kertier, (noardwestlik en bûten de hoep), foarmen de oare en âldste en de nèt ûnderbrutsen bewenningshelte. Yn dit gebiet binne de âldste nammen ús oerlevere: Itens, Stittens, Wyns, Rispen, Hoekens, Hidaard, Syns, Yeskwert en Anskwert, wylst dy yn it jongste gebiet ferlern gien binne.

De pleatsen binnen it Wynser kertier en dy fan it Yeskwerter kertier op 'e âldste helte 'it meanfild' fan ús doarp, dy hiene en hawwe op 'e noardwestlike helte fan de hoep om it eilân fan Easterein har ûntsluting, wylst de jongste helte binnen de hoep har ûntsluting hiene en hawwe op 'e súdeastlike helte fan de hoep. De grins is de Itenser- en de Kleasterfeart. Dy grins is in natuerlike grins, dêr't de ôfwettering by bepalend wie. De ûntsluting fan Meilahûs kaam mei Enghahûs, Laasterp, Koaifinne, Oasingahûs en Bonga út op in frijlizzende leane nei de Slachte. It part, dat no noch bestiet; dêr leit no de ferhurding op fan it Bongapaad.

De ynpoldering

Twa saken binne bûten kiif. Earst: der is binnen de polder fan Easterein sprake fan âld- en âld-nijlân. Twad: dat de grins foarme wurdt troch de Itenser- en de Kleasterfeart, wylst it âldlân noch wer opsplittst wurde kin yn in part súdeastlik en in part noardwestlik fan de Wynserfeart: in begroeingsoerflak is súd nèt mar west wol anwêzich. Beide wetters, dy't rinne fan noard nei súd binne yn oarsprong 'streamen dy't rûnen op it tij (eb en flood)'. By Hoekens rinne hja foar in part yninoar oer.

Der soe oan tocht wurde kinne, dat de ynpoldering fan de lannen súdeastlik fan de Itenser- en Kleasterfeart fan de Slachte ôf ûntwikkele is. Doe't de Slachtedyk in feit wie, koe dit wurk oanpakt wurde. Yn wêzen krekt deselde ûntjouwing as oan de oare kant fan de Slachte yn it âlde getijengebiet fan de Middelsee. Mar wol yn letter tiid.

Fan oerâlde tiden.....

Fan oerâlde tiden ôf wie yn ús doarp it boerebedriuw dê boarne fan bestean. Want dat boerebedriuw hie alles om te libjen en te oerlibjen. Wat in wûnder! Al fier foar ús jiertelling buorken famyljes op 'e kwelders en letter, doe't de see har ynfloed mear en mear jilde liet, op terpen, dy't foar in grut part ek ferhege waarden mei ôffal fan minsk' en dier. Wis, soms kaam de see mei safolle geweld opsetten, dat de minske machteleas stie en flechtsje moast. En...hoe tichter by de see en de slinken: hoe grutter it oerstreamingsgefaar. De reden, dat op de jongste helte fan it eilân fan Easterein terpresten oan te wizen binne, dy't ienris fan de see oerspield binne.

Fan dy tiden witte wy suver neat....!

Fan dy tiden witte wy allinne mar fragmintarysk eat út berjochten fan lju (Romei-

nen), dy't dizze kusten besylden en har ûnderfinings op papier setten en út fynsten, dy't tafallich fûn en in inkelde kear, mei doel socht, yn terpstealen oantroffen waarden.

Skeel!

Elk wit út syn/har skoalletiid fan Skier en Fet, oars sein fan bongelje en tsiere.....en soms noch folle en folle slimmer!

De Bibel seit: in hûs, dat yn himsels ferdield is, kin net bestean. Dat hawwe de Friezen ek witten!!

Fryslân rekke dêrtroch yn 'e nederklits, it Fryske folk útrûpele (1350-1500) en de Fryske baasmanen útteld: útlânske hearen waarden hjir baas!!

Earst George en Hindrik fan Saksen (1470-1540), mar doe't dy mei de saak oanlaud rekken, waard der op 'e nij 'palmslach' dien en Karel V waard keaper.

'De kost gaat voor de baat uit', en Karel V woe ek 'baat' sjen, dat der waarden 'treflike' registers oanlein. Dêr waarden de pleatsen, harren grutte, hierwearde en eigendom yn opjûn. Dy opjeften steane û.o. yn 'het register fan den Aanbreng' fan 1511 en yn de Beneficialboeken fan 1543. It binne foar ús rike boarnen foar ynformaasje.

Doe't Karel V hjir baas wie....!

Doe't Karel V hjir baas wie (1506-1555) waard mei in 'sterke earm' oarder op saken steld. Doel wie sicht te krijen op grûnbesit, grûnwearde en grûngebrûk, mar ek oardering yn bestjoer.

Dizze registers, kohieren, wiene nei twa kanten produktif: foar it barren fan de grûnbelêsting c.a. en dêrfan ôflaat de stimkohieren. Want it stimrjocht (passyf en aktyf) wie keppele oan besit, likegoed yn maatskiplike as yn tsjerklike saken.

Dy pleatsen waarden 'stemdragend' neamd. Op kaarten, dy't yn de 18e ieu Schotanus à Sterringa makke, hawwe dy pleatsen in stippele fjouwerkantsje.

Yn Easterein wiene ienris twaenfyftich fan dy stimdragende pleatsen. Dêrmei wie Easterein destiids ien fan de grutste doarpen fan Fryslân.

It soe wêze kinne, dat it grûngebiet fan Easterein eartiids noch grutter wie. Troch it oanwinnen fan grûn, ek yn ús streken, soene nije 'satellyt' - doarpen ûntstien wêze kinne. Yn ús gefal: Itens en Hidaard.

Minsken en pleatsen

Wa't fan De Kliuw op nei Reahûs giet, dy komt al ridlik gau by trije pleatsen oan, dy't fuort byinoar steane. De sammelnamme is Dúnje of Doania. Wy binne hjir op in oerâld histoarysk stee. Hjir wennen iuwenlang bestjoerlik tige aktive lju. Mear as ien grytman fan Hinnaarderadiel kaam út dizze famylje. Ek yn it doarp Easterein lizze har spoaren en yn de tsjerke rêste harren deaden.

Yn de skiednis is dêr sprake fan: hja hiene hjir in stins. Dat wie in fjouwerkant stiennen gebou, yn in grêft besingele, njonken de pleats. Dat wie om yn tiden fan gefaar in feilich hinnekommen te hawwen..

Tusken de beide pleatsen Doniadyk 9, it Midhûs en Sânleansterdyk 1, leit in ferdold stik lân, besiedde mei stiennen en muorreresten.

Ek fûn men yn dit fjild inkelde jierren lyn oerbliuwsels fan minsken en in skelet fan in beïerdiging yn sydlizzing.

Krekt oan de oare kant fan de Slachte rûn in reed, de Dúnjeleane, foar in part noch frijlizzend, nei Annabuorren, Turns en de stêd Snits.

Nammen: 1511: Sierck Donia; 1543: Sierck, Keimpe, Lolke, Auck Donia.(earder Easterein, no Sânleansterdyk 1, Reahûs).

De earste pleats dy't yn it 'Register van den Aanbreng'(1511) en it floreenkohier neamd wurdt, is Doniahûs mei de eigner Sierck Donia. Dizze Sierck wie de soan fan Sierck Haringsma en Auck Benedictus Donia.

Syn heit, Sierck Haringsma, kaam fan Heech. Hja neamden har ek 'Haringsma thoe Heech', lyk as in oare tûke út dy famylje har 'Haringsma thoe Slooten' neamde en.... neamt om't de neiteam fan dizze famylje noch bestiet.

Sierck Haringsma en syn neiteam neamden har letter 'fan Donia'.

Op it stee wennet no de famylje Klaas Cnossen. Klaas is no de eigner fan pleats en hiem, wylst it lân fan de Eastereinder tsjerke is.

Ienris wie de pleats 55 pmt grut. Likernôch de helte dêrfan wie âldlân. De oare helte lei oer de Slachte - yn it Nijlân, de âlde boezem fan de Middelsee. Sa leit de pleats der no noch by.



Sânleansterdyk 1

De Sierck dy't him 'Fan Donia' neamde en dy't grytman wie oer Hinnaardera-
diel, hat in wichtich oanpart hân yn de restauraasje fan de Eastereinder tsjerke.
Mei as slútstik de bou fan it oksaal (1554). Hy stoar yn desimber 1569.

Dizze Sierck krige by syn twadde frou op 2 febrewaris 1557 in soan, dy't ek de
namme Sierck kriget. Hy troude yn 1595 en krige by syn frou Maria Hettesdr.
Albada oars net as famkes. Catharina, berne op 23 augustus 1597, troude mei
Arnoldus Copius. Syn namme komt foar op 'e earste lidmatenlist èn op 'e lytse
liedklok yn de Eastereinder tsjerketoer.

Hja ferhuzen nei Ljouwert, dêr't Copius abbekaats wie. Hy en syn skoansuster
Anna ferkeapje it Doniagoed oan Jhr. Hessel van Eminga en Doedt Sijdsdr. van
Donia. Hja bleauwen roomsk en wiene de staasje (noch gjin parochy: Sânlean,
Reahûs) tige ta stipe.

Op 14 novimber 1873 wurdt te Akkrum de keapakte tekene troch de tsjerkfâ-
den Wopke Wopkes de Gavere, Dirk Jans Heeg en Gerben Sjoerd Gaastra,
wêrtroch de Eastereinder tsjerke foar f 70020.40 eigner wurdt fan it Donia-
goed.

En sa kaam it besit fan de Donia's oan it ynstitút, dêr't dizze famylje har troch
de ieuwen tige foar ynsetten hat, ja soms skulden foar makke.

It Stamboek van de Adel fertelt, dat de Donia's ienris behearden ta de âlde, mar
lytse Fryske adel en dat hja troch Sixtus Donia fia syn mem besibbe wiene oan
de Fryske keningen.

As op 10 oktober 1881 in ynventarisaasje opmakke wurdt fan de besitting fan de
Eastereinder tsjerke, dan wurdt dêryn ek opneamd it âlde Doniabesit: grut 23
hectaris en 10 ares. Brûker is dan Sijbren Theodorus Ykema. Yn 1885 wurdt dy
opfolge troch Lieuwe Sybrens Ykema. Der wurdt dan in nije pleats boud. Ykema
jr. wurdt yn 1903 opfolge troch P.J. Strikwerda, dy't yn 1912 opfolge wurdt troch
Harmen Klijnstra. It oare jiers, yn septimber, by swier waar, wurdt de pleats
rekke troch de wjerljocht en barnt plat. De nije pleats dy't dan boud wurdt, stiet
der no noch. Yn 1963 giet de hier oer nei Jan Harmens Klijnstra en yn 1989
nimme Klaas Knossen en syn frou Alie Klijnstra de hier oer.

Lyts en Grut Hoekens: Sânleansterdyk 3 en 5

De reis giet no nei Hoekens, healwei de Kliuw-Reahûs. Hea, wat sit dêr in eigen-
aardige bocht yn de Slachte! Oarsaak: hjir waard de Slachte ienris by stoarm- en
wettergeweld iepenbrutsen.

Dêrtroch waard de grûn útspield en ûntstie in wiel. Om neitiid de dyk wer ticht te
krijen, waard it nije ein dyk om de wiel hinnelein. Dy wiel is yn de rin fan de ieu-
wen tichtsmitten.

It sleatsje dat rjochtút rint, is de grins tusken Wymbritseradiel en Littenseradiel.
It kampke lân beheart ta de pleats Hoekens.

Nammen dy't hjir neamd wurde: 1511: Huckens, Rienk, Sythya. 1543: Hero,
Rienck, Tjalling.

Fuort oan de Slachte lizze twa pleatsen, dy't beneamd wurde as Lyts en Grut
Hoekens. De lannen fan Lyts en Grut Hoekens lizze sa yninoar ferstringele, dat it



Sânleansterdyk 3.

ienris grif ien pleats west hat. Mar yn 1511 dochts al skieden, want Lyts Hoekens wurdt dan bebuorke troch Sythya Huckens en Grut Huckens troch Bouwa Huckens, wylst yn 1543 Rienk thoe Huckens as brûker neamd wurdt.

Yn 1640 wurdt Lyts Hoekens Doeke Boukes Zathe neamd en it besit is eigendom fan de Burmania's. Dat kaam út it erfskip fan Bocco van Burmania, dy't Grietman fan Hinnaarderadiel wie.

Yn 1698 wurdt Feike Wyttes as hierder neamd fan sawol Lyts as fan Grut Hoekens. Grut Hoekens is tige âld besit fan de Eastereinder tsjerke. Rienk thoe Huckens, hjirfoar neamd, brûkt dan 52 pûnsmiet fan de Sint Martenstsjerke te Easterein.

Yn 1722 is Bouwe Doedes brûker. Hy kriget yn 1746 nochal aardich reduksje op 'e hier fanwege de feeppest, dy't syn feebeslach oantaast hie. Fan 210 car.gld nei 140 car.gld. Yn 1761 wurdt Marten R(e)intjes hierder. Yn 1794 ferstjert syn frou.

Yn 1833 is Pieter Jans Hiemstra hierder en yn 1854 syn frou de widdo Saakje Sijbes Koopmans. Yn 1864 wurdt Jetse H. Wiersma hierder en yn 1876 Tsjalke Sjoerds Gaastra. Trije jier letter wurdt in nije pleats boud (1879), dy't der no noch stiet. Tsjalke Sjoerds Gaastra wurdt yn 1891 opfolge troch Sjouke Plantinga. Yn 1913 giet de hier oer nei de widdo fan Sjouke Plantinga, dy't neitiid it hûs oan de Slachte boud, dat der no ek noch stiet, alhoewol tige ferboud... Yn 1917 komt Eelke Reitsma as hierder op Hoekens en yn 1932 Stoffel Wiebes Stoffelsma. Stoffelsma Sr. draacht de hier oer oan de bruorren Wiebe en Auke, mar yn 1963 giet Wiebe Stoffelsma allinne fierder, mei't Auke-en-dy in pleats krigen op Lyts Makum ûnder Boazum Yn 1979 seit Wiebe Stoffelsma de hier op en moatte de tsjerkfâden in nije hierder sykje. It wurdt Jan Ybeles de Vries, dy't oer de Boalser-

terfeart ûnder Wolsum buorke op Fiifhûs. Hy keapet de huzing. Dan komt yn de tachtiger jierren de ruilferkaveling. De famylje Jan de Vries ferhuzet nei in nij bedriuw (nije wenning mei lizboksenstâl en tabehearren) oan de wei fan Itens nei Britswert, it Sân 2. Dat wurdt skielk, as op 'e ein fan de ruilferkaveling de saneamde tadieling syn beslach kriget, it nije tsjerkebesit fan de Eastereinder tsjerke.



Sânleansterdyk 5.

Osingahûs (bestiet net mear)

Nammen: 1543: Oedsingahuysterlandt, Sybrandt thoe Oedsingahuys.

Dizze pleats stie in lyts eintsje fan de Kleasterfeart op it súdlikste part fan in terp. De pleats wie yn 1640 85 pmt. grut. Foar de helte eigen oan Sible Hilles Rispens (45 pmt) wylst er 40 pmt. brûkt fan Boargemaster Algera. Yn 1698 is Daniël de Block van Scheltinga, doe grytman fan Skoaterlân, eigner en Dirk Jacobs brûker. Yn 1832 wurdt dizze pleats 'Ozingahuis' neamd. Eigner/brûker is dan Hessel Simons Baarda.

Hessel Simons Baarda wie yn de earste helte fan de foarige ieu ek tsjerkfâd te Easterein.

Der wurdt yn dy dagen in iepenbier paad neamd, dat rûn fan de Wynserdyk dwersuer nei de Slachte. Sadwaande ek oer trije perselen fan boer Baarda. Op himsels wat apart. Want it paad dat no fan Easterein nei Reahûs rint wie der yn 1832 ek. Wol wie dat in tsjerkepaad. It wie yn ûnderhâld by de Eastereinder tsjerke. It wurdt yn dat jier nèt as paad oantekene.

De pleats 'Ozingahuis' hie in eigen ûntsluting en rjocht fan reed oer it Eastereinder tsjerkelân nei de Slachte.

Yn 1892 giet dizze pleats yn algemiene ferkeaping. Dat barde op 'e herberch fan de

widdo P.R. Heeringa te Easterein. Gebrûker is dan Frans Heeres Poelsma. Poelsma is hjir, ûnder Reahûs, in bekende namme.

Wat der dan bard? Wy witte, dat de huzing ôfbrutsen wurdt. Al ridlik gau komt de terp 'aan snee', te sizzen, dy wurdt ôfgroeven.

Ferkeap betsjut faak, dat de pleats 'útinoar giet' Dat is hjir ek bard. De pleats Sânleansterdyk 9, dêr't no fam. Auke de Boer wennet, is it measte lân ûnder komd te lizzen.

It ôfgroeven terpsteal komt ûnder de pleats Bongapaad 2, dêr't tsjintwurdich de fam. Kees Agricola buorket.

De Slachte

De Slachte is de begrinzing tusken it âlde en it nije lân. It nije lân is de eardere Middelsee.

Troch it ûntstean fan de Sudersee feroaret it wetterbeweech yn dizze streken gâns. De Marne en de Middelsee begjinne ticht te slykjen. De minske leit diken (dus ek de Slachte) oan. Dit mei it doel, dat stadichoan mear lân yn kultuer brocht wurde kin.

Want it oanslykjen as in natuerlik proses, folget de minske mei it bedykjen en sa waarden ôfslutene diken oanlein: de Jongedyk, de Huniadyk, de Plattedyk, de Krinserearm en sa fierder.

Nijlân ûnder Easterein

Nammen: 1543 Oeds, Cornelis, Dirk opper Sly(i)ppe.

It lân dat yn de Middelseeboezem droechfoel, wurdt yn kultuer brocht. It doarp Easterein sliket hjir tige oan, yn de Middelsee op. Mooglik is hjir earst gebrûk makke fan in natuerlike ferheging. Uteinlik sille hjir oanslutend in oantal pleatsen ûntstean.

De pleats dy't no earst yn de beneaming komt is dy 'opper Slippe'. It grutste part leit oan de noardkant en it lytste part en it hûs oan de súdkant fan de Slypsterfeart, mei súdlikst as uterste grins de Ivigeleane. It is boer Durk, dy't hjir yn 1501 buorket. Alve jier letter buorket Minne op dizze pleats. Peter fan Thabor fertelt fan him, dat hy op in jûn, dwers troch de doar fan de Turnser tsjerke hinne, delsketten wurdt. Hy oerlibbe it net.

Nei 1580 (de Reformaasje) giet dit besit oer nei de Steaten fan Fryslân. It wurdt yn 1640 as sadanich neamd.

Konsolidaasje Roomsk leauwe

Dy pleats soe in wichtige rol spylje yn de konsolidaasje fan it Roomske leauwe op it Eastereinder doarpsgebiet.

Nei 31 maart 1580 waard it Roomsk leauwe yn Fryslân ferbean en de leauwigen ferballe.

Dochs wiene der hjir minsken, dy't it âlde leauwe trou bleauwen. Hja sochten inoar op en kamen op gaadlike plakken byinoar.

Doe is hjir fan in unike situaasje gebrûk makke. De huzing stie út Hinnaardera-

diel wei rekkene oan de oare kant de Slypsterfeart. Fierder wie dizze pleats oan trije kanten, east, súd en west, ynsluten troch de gritenij Wymbritseradiel. En sa hie men hjir in skûlherne, dêr't men byinoar komme koe, mar ek flechtsje, as de grytman syn folk út Hinnaarderadiel der op tasetten kaam. Men koe der dan maklik útstrike nei in oare gritenij ta. Want in grytman hie allinne foech yn it gebiet, dêr't er oer oansteld wie! Dizze pleats sil yn 1640 ferkocht wurde, troch de provinsje.

Dy wurdt dan de 'Pyter Govertslannen' neamd.

Pieter Govaerts en syn frou Ancke Foppes, beide stoarn yn 1674, 'huysluyden' te Easterein neamd, sille grif eigners/brûkers fan de pleats west hawwe.

Underkommen en de ein fan Hear Jacob

Pieter en Ancke joegen yn dy muoisume dagen ûnderkommen oan de lytse Kato-like staaasje en oan harren lieder Hear Jacob, dy't oan it Sylspaad te Warkum syn thús hie. Dy swalke yn dy dagen de Súdwesthoeke troch. Mar ek yn ús omkriten wie er ta in steun en stipe foar it ferhûddûke, teheistere en ferfolge folk, dat trou bleau oan de âlde memme-tsjerke.

Op Sint Steffensdei (26 desimber 1639) is Hear Jacob op Slyp. Yn de foarkeamer en ûnder de preek falt syn lûd wei en in stûne letter siicht er del. Hear Jacob hat in oerhaal krigen. Hy stjert yn de keamer, dêr't er op 'e pleats syn thús hie.

It wie yn dy dagen oant yn de foarige ieu sa, dat in huzing grêven hie op in tsjerkhôf. Ek te Easterein. It is dêrom net ûnmooglik, dat syn omskot op ús tsjerkhôf beïerdige is, lykas dat ek barde mei it oare folk fan Sânlean/Reahûs.

Yn 1718 jout de kaart fan Schotanis à Sterringa de Slypsterpleats noch oan as in stimhawwende pleats.

Yn 1811 moatte de gesinshaden in 'fan' oannimme en sa stiet û.ô. opjûn: in Jelle Rientzes Slippens, widdo yn Lytsewierrum, mar te Easterein in Yme Rientzes- en Lolle Rientzes **Slipstra**.

Yn 1832 is in part fan it lân, noardlik fan de Slypsterfeart, te witten goed njoggen hectare, eigen oan Yme Rientjes Slippens en oaren. Yme, mar ek Lolle(?) hat letter **Slippens** dochs foar kar nomd.

Yme Rientzes Slippens hat wierskynlik de lêste bewenner west fan it âlde stee. Hy stoar foar 1860. Syn widdo stoar op 20 juny 1883, 89 jier âld.

Oaren, dy't as skaainamme Slippens hiene:

Ate Ymes Slippens, stoarn 2 jannewaris 1878, 42 jier âld;

Rients Ymes Slippens, stoarn 23 jannewaris 1878, 67 jier âld;

In bern fan widdo Rients Slippens, 5 wike âld;

De widdo fan Jelle Slippens, 56 jier âld.

Al dizze minsken waarden te Jirnsum beïerdige, wierskynlik op 't roomske tsjerkhôf dêre.

In part fan it lân heart hjoed-de-dei by de pleats Ivige leane 10, no dus Wymbritseradiel. In pomp ûnder de Slypsterfeart troch, wiist noch op 'e âlde situaasje. Want it lân wurdt bemeald nei Littenseradiel. It lân diskant de Slypsterfeart leit no ûnder de O.B.W. pleats fan de Brandsma's. Pleats floreenkohier nûmer 26 waard skiednis.



De pleats Slyp 5

Hielendal fuortdûkt en yn it lang by de Slypsterfeart, op de meast eastlike grins fan Reahûs, foar 1954 Easterein, leit dizze pleats.

Yn 1832 hat de pleats de grutte fan 9 ha. It is it spul dêr't de famylje Van der Werf lang buorke hat.

Yn 1920 gyng de widdo fan Hindrik Haijes van der Werf (Hindrik en Sietske) fan de pleats. Hja wurdt opfolge troch Johannes Teijes Agricola. Yn 1929 komt de soan Teije Johannes Agricola op it spul. Hy wie trouw mei Griet Boukes Vogelzang. It echtpear krige yn 1946 fan it Anthonie Gasthûs te Boalsert in pleats ûnder Kûbaard. Sake, de jongste soan, buorket dêr no noch op Berkwerterleane 4. It wie doe, yn 1946, dat Jetze Ymes Wiersma it by de eigenaresse, mefr. Keven te Den Haag, klear krige om de pleats te hieren. Yn 1962 gyng dy fan de pleats en nei Burchwert. Mefrou Keven ferkocht it lân en pleats yn datselde jier oan de Burchwerter Ysbrand Sjoerds Galama, dy't dêr earder mei syn broer op in pleats buorke. Sa sette de doe noch jonge famylje Galama nei Reahûs. Hja wennen dêr middenmank de griene lânsdouwe. Mar ek oan in reed: fan Reahûs sa'n twa kilometer it lân yn. No leit dy reed yn de beton en binne der mei de moderne ferfiersmooglikheden, yn tsjinstelling mei earder, gjin problemen mear. Hjoed de dei buorket soan Kees op dizze pleats.

Slyp 3

De pleats wie yn de tritiger jierren fan de foarige ieu yn hannen fan de Haring-sma's ûnder Poppenwier. Hierder wie yn de njoggentiger jierren fan de foarige ieu Jaring Huitema. Yn 1916 wiene de strykjildskriuwers Selius Jelles Timmenga te Easterein en Feike Jans Boschma fan Nijlân eigners. De pleats waard trochferkocht en Jaring Huitema moast fan de pleats ôf, want Popke Jans Altenburg út Tirns kocht de pleats. De pleats wie earder goed fyftjin ha. grut. Mooglik is der in stik oan de Slachte bykocht: ta ien slutend gehiel en 19 ha.grut. Keappriis mei hûs en hiem f 51500.-

It wie Popke syn broer, Haring, dy't maaie 1917 him op 'e pleats nei buorkjen sette. In jier letter kaam de soan op 'e pleats, Jelle Popkes Altenburg, troud mei Fokje Jittes Flapper fan Hidaard. Dizze Jelle gie yn 1920 nei Pake' pleats te Annebuorren ûnder Turns. De letter sa bekende taksateur, û.o. foar de Grûnkeamer, Jan Popkes Altenburg, kaam doe op 'e pleats. Hy wie troud mei Jourike Witteveen en buorke hjir trije en trichtich jier. Yn 1953 gie er nei Midshûs ûnder Hidaard.

De nije brûker waard skoansoan Hyltje Brandsma. Yn 1966 ferkochten Jan en Jelle Altenburg it lan oan Lúzen Dooper, boer te Soest en hûs en hiem oan sweager Hyltje. Yn 1979 ferkocht de eigner it lân oan de hierder, dy't it troch ferkocht oan B.B.L. It wie nammers sa, dat de ruilferkaveling yn gong setten waard. Hûs en hiem gyngen nei Maurits Age van der Werf, dy't dêr no, 1995, wennet. Sa kaam yn wêzen de ein oan pleats nûmer 26 fan it floreenkohier.



Slyp 1

Dizze pleats is eigendom fan it Oldeburgerweeshús te Snits (O.B.W.). Al ieuwen, want ynstellings lyk as tsjerken en oare stichtings komme suver hast net ta ferkeap, al least net fan it lân by-de-pleats.

Nijsgjirrich is, dat de huzing earder oan de westkant fan de sylfeart Snits-Frjentsjer stie. Yn dy dagen lei der in draaibrêge oer dizze feart, dy't betsjinne wurde moast troch de bewenners fan it hûs op 'e wâl. Op in stuit kaam der in nije pleats fan it kop-hals-romp type oan de eastkant fan it farwetter.

Brûker fan dizze pleats wie fan 1867 oant 1886 Folkert Reins Hettinga en fan 1886 oant 1925 Hyltje Brandsma, dy't fan Ferwâlde kaam.



Yn dy tiid wenne de arbeider noch yn it brêgehûs en betsjinne de brêge. Paad en brêge wiene bedoeld foar de tsjerkegongers nei âld-Reahûs. Letter (âld-Reahûs bestie doe net mear) kaam it paad nei de Slachte by it farwetter lâns te lizzen. Noch wer letter gyng de brêge fuort, ferfoel it paad, waard de wente ferlitten en yn 1930 ôfbrutsen. It iuwenâlde paad oer Annabuorren ferfoel.

Yn 1925 kaam soan Obe, dy't earder oan de Ivigeleane ûnder Skearnegoutum buorke, op 'e OBW pleats. Hy wie troud mei Anke Wiebes Andringa.

Boer Obe wûn yn de oarlochjierren in arbeider, Epke Romkes (hy stamt grif út it boerelaach dat yn de tritiger jierren fan de foarige ieu ûnder Skearnegoutum boer wie: Epke Sikkes Romkes). It ferhúzjen gie mei de pream. Noch (1995) is Epke Romkes, 90 jier, in tige bekende Reahúster, dy't gâns foar de Reahúster mienskip betsjutten hat.

Yn 1958 folget soan Hendrik heit op. Hendrik is troud mei Clasien Ketelaar. Hja belibben in ramp, want op 19 july 1969 barnde de steatlike pleats, dy't safolle jierren plak-bepalend west hie foar dizze streken, plat. Der kaam nijbou, mar fansels neffens de moderne tiid. Op 8 oktober 1993 naam de soan Dominicus mei syn frou Harmke Frateman de leie fan heit en mem oer.

De pleats draacht de namme Surrydsterhof. Ferlykje: Surein, Surryd, Surch (suderein, suderryd, suderigge).

Ald Reahûs

Hjir is 't plak om op 'e tekst oer de Roomske staasje, dy't hjir ienris bestie en de parochy fan no en Reahûs as doarp, as direkt gefolch fan de godstsjinstige en politike reboelje yn de twadde helte fan de sechtjinde ieu.

Op 31 maart 1580 ferbeaën de Steaten fan Fryslân yn de provinsje de Roomske religy.

Tsientallen lju, fan heech nei leech, dy't de âlde religy trou bleauwen, flechten. Tsjerken giene oer nei it protestantisme -te sizzen nei de 'Nederduits Gereformeerden', kleasters waarden ferlitten en sa njonkelytsen ôfbrutsen. It wie dien

mei de âlde Roomske Tsjerke.....Oja? Nee!! Efterôf, yn pleatsen, ienlik op 'e romte, kamen hoeden en foarsichtich, de leauwigen byinoar. Sa ek hjirre op Slyp/Sânlean. It teare plantsje waard hoede en noede. En it groeide út. En doe't troch de ieuwen stadichoan de beletsels fuortfoelen, woechs dit behindige roomske fermidden út ta it doarp Reahûs.

En it wie, yn opfolging fan it stee Slippens (sjoch hjirfoar) dat op de landerijen fan de O.B.W. pleats in geastlik sintrum ûntstie. It hat bestien oant deun oan de Slachte in nije tsjerke boud waard mei skoalle en alles wat by in tsjerklik doarp heart: dat is it Reahûs fan no. Dit sintrum waard ek wer boud op grûn fan it Old Burger Weeshuis.

Der is okkerjier in nijsgjirrich boekje oer de 'Oude polle' útjûn. Elk, dy't each hat en belangstelling foar dit stikje skiednis op it Eastereinder grûngebiet, dy moat dat boekje lêze fansels.

De pleats: Sânleansterdyk 8

Yn 1886 bout Johannes Engwerda it gebou, dat der no noch stiet. Grif hat hy kâns sjoen it losse lân oan de iene en de oare kant fan de Slachte byinoar te bringen ta ien pleats.

Yn 1913 giet it bedriuw oer nei syn skoansoan, trouw mei dochter Geartsje: Johannes Hyltjes Brandsma. Hja kamen fan de Ivige leane en waarden dêr opfolge troch broer Obe Hyltjes Brandsma, dy't yn 1925 syn heit opfolge op 'e OBW-pleats, hjirfoar al neamd.

Johannes Hyltjes Brandsma en syn frou hiene ien dochter, Catharina, dy't yn 1943 troude mei Sjouke Reins Terwisscha van Scheltinga út Nijlân. Hja buorken oan 1980 ta. Doe namen soan Johannes en syn frou Thea Jabiks Altenburg it bedriuw oer. It bedriuw bestie út twa losse parten mei dêr tuskenyn de Slachte. Lestich buorkjen dus. Yn 1986 namen Johannes en syn frou de stap en setten oan de noardkant fan de Slachte, op eigen grûn, in 'ligboksenstâl' mei loads en kreaze



*Foarein
Sânleansterdyk
8 mei op 'e
eftergrûn de
R.K. tsjerke fan
Reahûs.*

wenning. It âlde gebou waard ferkocht en waard wenbuorkerij. Dizze bedriuw-
ienheid is dus net sa âld; wol de húskavel, dy't yn 't floreenkohier (belestingboek
oant ein 19e ieu) foarkomt.



Sânleansterdyk 6



*Spultsje Sânleansterdyk 15. In âlde earm fan de Frjentsjerterfeart by Reahûs. Hjir
gong ieuwenlang it skipferkear lâns tusken Snits en Frjentsjer*

De pleatsen Sânleansterdyk 6 en 15

Dat kin net sein wurde fan de bedriuwen dy't no oan bar komme, want it is hiel âld besit fan de Eastereinder tsjerke. Hja komme al foar yn de Beneficiaalboeken út 1543: Allert toe Santlaan brûkt 46 p.m. finnen en mieden, wêrfan 6 p.m. nijlân en 40 p.m. âldlân, wylst Tryn Douwes thoe Santlaan 23 1/2 p.m. brûkt, wêrfan 19 p.m. nijlân en 5 p.m. âldlân is. It besit stie yn it floreenkohier ûnder nûmer 30. In stik lân wurdt oanjûn as 'de Bouten', dat ek beheart ta de Sint Martenstsjerke te Easterein. Dy oantsjutting 'de Bouten' soe wize op hokken mei slachtfee.

De namme Sânlean

Dizze namme is wit hoe âld. En wy komme him geregeld oant hjoed de dei tsjin. Hy libbet nei ieuwen en ieuwen noch as in hart. Dat komt, omt de namme altyd brûkt is. Want wat net brûkt wurdt, wurdt wei.

Wy komme dizze namme tsjin yn de âldste oarkonde, dy't ús oerlevere is. Ut 1381.

Yn dy oarkonde giet it oer wettersteatkundige saken, dy't regele wurde moatte. Ien fan de partijen is it Sânleansterrjocht.

Yn 1511 komt de namme foar as der opjefte dien wurdt fan grûnbesit en grûngebrûk. Yn 1522 neamt Peter van Thabor: Zandtlaen. Hy hat it dan oer in wetterferbining dêre. Yn 1543 komme Allert, Douwe en Tryn Douwes nei foaren (Beneficiaalboeken) by de opjefte fan Eastereinder tsjerklik besit.



*It âlde paad nei de tille;
fan Reahûs nei Easterein.*

De namme bestiet dúdlik út twa parten: leane en sân. Sân as grûnsoarte soe yn de beneaming komme kinne? It is hjir kleare klaai wat de klok slacht. Lykwols, hjir net sa fier ôf leit in hege sânkop, dêr't de namme fan ôflaat wêze kin. Tink ek oan 't Sân, in pleats tusken Itens en Britswert.

Fierders is der sprake fan in leane. Hjoed de dei hawwe in dyk en in leane deselde funksje. By âlds lei in dyk om de polder hinne, wylst in leane in ferbining wie binnen de polder. Tink mar ris oan de Platte leane en de Ivige leane ûnder Skearnegoutum.

De namme Sânlean soe ek te meitsje hân hawwe kinne mei de leane, dy't fan Koaifinne nei de Slachte en oer de Slachte it nije lân ynrûn. In part fan dy leane leit no it Bongapaad op.

Mei it ferlizzen fan de Snits-Frjentsjerter sylfeart is hjir nochal ien en oar feroare. Alear lei by it pleatske Sânleansterdyk 15 in tille. It ûnderhâld kaam op foar de efterlizzende pleatsen. Sa moast de pleats, no Meilahuzen 5, betelje oan it 'quoteel onderhoud van het hooghout in de reed (lêe leane) naar Sânlean'. Fierders twa perselen yn dizze pleats oan de westkant fan de Eastereinder opfeart: 'terwijl het 2e perceel voor 1/11 gedeelte en het derde perceel voor 4/55 gedeelte zijn belast met het onderhoud van het noordelijk haad (landhoofd en waterhoofd met opgang en leuning) van het hooghout over de Franeker-Sneekervaart bij Sânlean.' Hjir is yn oerâlde tiden, ta ûntsluting fan dizze buorkerijen, in rjocht fêstige, mar ek in mienskiplike ferplichting ta ûnderhâld fan de Slachte fan de Kliuw oant en mei Bockema troch alle oanswettende pleatsen/eigendommen: it Sânleansterrjocht. Doe't it ûnderhâld fan de Slachte oer de gritenij regele waard, ferfoel it Sânleansterrjocht.

Oer wiene yn 1904 noch de ferplichting ta ûnderhâld fan de tille, mar doe't de sylfeart hjir yn 1906 omlein en ferbrede waard en de tille ferfoel, waard ek de ûntsluting ferlein en ûntstie de situaasje, sa't wy dy hjoed de dei kenne. De behearsking fan de wetterhúshâlding hie likernôch itselde ferrin. De pleats Meilahuzen 5 hie en hat in pomp ûnder de Eastereinder opfeart troch. It wie in part fan de Bongapolder dy't yn 1993 opdûkt is, mar dy't it wetter fuort tsjin de Slachte oan op de provinsjale boezem pompte.

Nijsgjirrige fraach...

Soe it sa west hawwe kinne, dat it lân dat leit tusken de Slachte en de Itenserfeart en de Kleasterfeart yndertiid fan de Slachte ôf op 'e nij yn kultuer brocht is? (wat soe it antwurd wêze kinne?)

Mar no de pleats(en)

Nammen: 1511; Jan thoe Santlaen. 1543; Allert, Douwe, Tryn.

De namme Sânlean is oarpronklik hechte oan de Eastereinder tsjerkepleats. Yn 1511 is der ien brûker. Yn 1543 binne der trije. Dan dogge wy in fikse stap nei foaren. Yn 1722 binne der noch twa brûkers: de tsjerkepleats brûkt Jan Haantjes (Bonnema) en 24 pûnsmiet wurdt hierd yn de pleats eigen oan Takle Sierks Tolsma. Yn 1733 brûkt Jan Haantjes (Bonnema) it hiele besit. En sûnt is it Eas-

tereinder tsjerkebesit net wer skieden. Yn 1735 giet Jan Haantjes Bonnema nei Reitsum en komt Ids Gerritz. op 'e pleats, yn 1748/'50 opfolge troch Pier Heerkesz. Fan 1804 oan 1825? Yme Bontjes van der Valk.

Fan 1826 oant 1833 komt Ate Klazes Wiersma as hierder nei foaren, mar yn 1854 oant 1890 wer in Yme Bontjes van der Valk. Fan 1892 oant 1918 is Germ van de Lageweg hierder. Dy syn opfolger is Renze van Dijk (1919-1925). Dizze Van Dijk belibbet it, hoe't yn 1924 de pleats plat barnt. Yn 1926 wurdt Sake Vellinga hierder. De famylje Vellinga bliuwt fan heit op soan(nen) hierder oant hjoed de dei(1994).

Pleats, State, Lân..!

1543: Bongahuys Ha(e)rmen; Bongahuysterlannen.

De namme Bonga is hjir ek al hiel âld. Yn it geslacht Rispens is it Jetske Bonga, dy't mei har man in ferbining leit tusken twa bekende boerefamyljes.

Yn 1543 is Bonga noch allinne in pleats, dy't bebuorke wurdt troch boer Harmen. Trouwens, buorke is hjir oan de ein ta.

Om 1548 hinne wurdt in part fan it besit kocht troch Christoffel van Roorda, dy't op 13 july 1551 de hiele state oerdocht oan syn broer Hessel. Hy, widner, trout op 9 maart 1551 mei Ydt

van Hemmema en dit echtpear set him nei wenjen op Bonga-state, dat dan ien fan de moaiste states fan Fryslân neamd wurdt. Dizze Hessel van Roorda wie tsjerkfâd te Easterein en ien fan de mannen dy't soarge foar in grutte restauraasje fan de âlde Sint Martenskerke te Easterein en de bou fan it ferneamde oksaal.


Likernôch twa ieuwen hat dizze 'Hearlikheid' bestien. It slot Bonga

hat yn dy ieuwen fansels ferskate bewenners hân dy't bisibbe wiene oan de Heeringa's (de Bongabank en de grêfkelder) en de Van Eysinga's.

Harren staasje ûntlienden hja fansels oan besit, pleatsen en grûn. Harren ynkommen stie dêrmei yn in soms sterk fluktuearjende relaasje.

Yn 1640 wenne der in Jonker Roorda van Eysinga. Yn 1700 eigner Edzart fan Burmania. It wie de grutste 'pleats' fan Easterein: 100 pmt.

Yn it jier 1723 wenne hjir Tietje Juliana Roorda van Burmania.. mar doe wie de fleur der al aardich ôf.



't Slot Bonga te Oosterend in Hennaarderadeel, behoort mevr. Tietje Juliana Roorda van Burmania, (stiet ûnder dizze tekening út it Frysk Museum)

Neffens de 'Quotisatiekohieren' (1749), wenne yn dy jierren op slot Bonga de widdo Van Voort; hja, 'de edel geboren vrouwe' Tet Juliana Maria van Burmania, wie op 27 november 1712 yn de Sint Martenstsjerke te Easterein trouw mei Elias van Voort te Ljouwert. Efter har namme stiet -wat de wolstân oanbelanget- oantekene: edel, maar niet rijk.

Yn 1765 wurdt it slot ferkocht as in âld en ferfallen hûs mei singels en hôven, mei inoar grut 4 pûnsmiet. It oare jier wurde de gebouwen ôfbrutsen en alle beammen 'by opbod' ferkocht. It gebou stie op in terp, dy't ôfgroeven is. Fan de grêften hat men noch lang de 'printen' njonken it hjoeddeiske Bongapaad sjen kind, mar de 'egali-saasje' fan de ruilferkaveling hat, lyk as safolle oare oerbliuwsels fan bewenning, spitigernôch, alles yn ien kear en folslein opromme.

Yn de Eastereinder doarpsstjerke binne noch twa oerbliuwsels fan de bewenners fan it slot Bonga: in hearenbank en in grêfkelder. Beide binne yn de dagen fan de ôfbraak fan Bongastate ek ferkocht. De 'coopbrief' is datearre 10 jannewaris 1766. De proklamaasjes (it bekendmeitsjen) wiene op '5 maart, 2 april en 30 april'.

Keapers binne Lambert de Gavere en Jan Jansen, huislieden en erfgezetenen onder Oosterend. Ferkeaper Jonker Edzart Hobbe van Burmania thoe Bakkeveen.

As de pleats fan de Erven A.S. Heeg c.a. (Wynserdyk 26) yn iepenbiere ferkeap komt, dan wurdt de helte fan de Bongabank mei ferkocht. Keapers wurde W.v.d.Velde te Hidaard en T. Santema te Skearnegoutum. Priis: f 852.--

It stee 'Kooifinne' of Haniastate

Nammen: 1543: Koeyfenne Douwe, Edo, Johannes, Sipke en Koeyfinne in Sinne-sate. Ek is der sprake fan Haniastate.

As yn 1453 'Dotte thoe Stittens' har plannen ûntwikkelt om te kommen ta it bekende frijlien, in fûns dêr't jongelju op studearje kinne, dan is ien fan de tsjerkfâden Jelle Ceyfen (1453) en Jelle Coijfen (1455). Grif deselde persoan.

Krap 100 jier letter de namme Koeyfenne. De namme Kooifenne is de meast gebrûklike. Koey docht tinken oan de finne foar de kij, mar Kooifinne fansels oan in (eine)koai.

En yndied, oerbliuwsels fan in einekoai binne hjir bekend en wiene oant foar inkelde jierren noch sichtber yn it fjild.

Der wie hjir altyd sprake fan twa pleatsen. Ut de kadastrale gegevens komt dêr-fan de befêstiging. Fêst stiet: Sinnestate (neamd troch pastoar Gerryt 1543). Mooglik is dit de lytste fan de beide. De koster fan Easterein hie ynkomsten út dizze pleats. Mar ek leine yn dizze pleats grif lannen, dy't ienris behearden ta it kleaster Thabor. De pleats is no Bongapaad 7.

Yn 1901 buorke Jarig de Wolf op dizze pleats. Hy wie de boer mei de earste auto: B-1286. Hyltje Brandsma skriuwt: ' Mei niget seagen wy dizze minsken op it hynstepaad fan doe, nêst de herberch (Reahûs) mei de auto út de garaazje, in houten hok efter de bakkerij fan Bleeker, kommen. Mar earst moasten hja fan de pleats en út it lân wei op 'e fyts nei de buorren'!

Hy waard opfolge troch skoansoan Klaas Agricola. No buorket hjir Cees Agricola yn maatskip mei syn soan op in tige modern bedriuw (1995).